



Nije edysje magazine 'Taal yn 'e soarch'!

Der is wer in nij magazine út fan Frysk yn 'e soarch! 🦋 Dizze edysje fan 'Taal yn 'e soarch' is spesjaal makke foar én mei soarchprofessionals dy't wurkje mei jongeren en jongfolwoeksenen.

Ferskillende professionals út de (jongerein)soarch fertelle yn it magazine oer harren wurk en de rol fan taal dêryn. Wannear't soarchprofessionals de eigen taal bewust brûke, dan leveret dat harren foardiel op yn it kontakt mei pasjinten en kliïnten. Want it praten fan de memmetaal – it Frysk of in oare taal – kin de ôfstân tusken soarchfreger en soarchferliener lytser meitsje.

Taal is de sleutel ta goeie soarch!

It magazine is ûnderdiel fan it projekt 'Frysk yn 'e soarch', wêrmei't de Afûk it gebrûk fan de eigen taal yn soarchsituaasjes stimulearret. Mear ynformaasje of

in magazine oanfreegje? Sjoch op: friesindezorg.frl.

Nijs



Nije metoade foar Frysk skriuwen op skoalle

De Afûk hat in praktyske en tagonklike metoade ûntwikkele mei oandacht foar kreatyf skriuwen én de staveringsregels. Fjouwer nije wurkboeken dy't sawol de kreativiteit as de taalfeardigens fan de bern stimulearje! Dat jout in stevige basis foar it Frysk skriuwûnderwiis. 📖

De nije metoade slút oan by de belibbingswrâld fan bern én de easken foar it Frysk op skoalle. Foar skoallen dy't it Frysk in moai plak jaan wolle yn harren taalûnderwiis.

[No te bestellen!](#)



Foar de alderleafste heit!

Nij yn ús winkel en websjop, spesjaal foar de leafste heit: it Heitedei-kadopakket. No foar de oanbiedingspriis fan mar € 29,95! 📖

In 'nei-it-klussen-mei-in-bierke-en-in-spannend-boek-op-de-bank-pakket'. Snein sette wy heit yn it sintsje, en dat dogge we fansels yn de taal fan ús hert!

[Sjoch gau yn ús websjop foar alle Heitedei-kadotips.](#)



In ferbinend, meartalich mbû-keunstwurk

It Glês-yn-lead-keunstwurk fan *Wy binne mbû* is op 5 juny oanbean oan *Bouwurk* fan Arcadia. "In transparante blik fan rom 200 mbû-studinten op taal, identiteit en ferbûnens." Yn totaal binne der 416 wurden sammele, yn 14 ferskillende talen, dy't op 8 panielen ûnderdiel wurde fan Bouwurk. >[Mear ynformaasje.](#)

Boeketips



Nij! Anton yn it museum

- *Mirjam van Houten*

In prachtich, kleurryk printeboek, dat ek beskikber is yn it Nederlânsk! It boek is in moai foarbyld fan ferbylding en fernuvering foar bern én foar folwoeksenen, mei subtile humor en sprekkenende bylden.

Anton komt fan 't bêd, klaait him oan, yt, en nimt de bus nei kantoar. Alle dagen wer. Op in dei sjocht Anton in poster fan in skilderij, hy lit de bus trochride en giet nei it museum. En dan wurdt alles oars...



Nij! Sibbedeus en it gânzeboerd fan Wisse

- *Koos Meinderts*

Op in dei krijt Sibbedeus de Bear in gânzeboerd tastjoerd, ôfkomstich fan in Wisse, dy't him in goeie hân fan goaien winsket. Even letter stiet Sulver foar de doar, in sniewite gâns dy't Sibbedeus freget om him te folgen. It is de start fan in wûnderlik aventoer fan tafal en gelok, fan fallen en opstean.

Oersetter Eppie Dam: "*Sibbedeus is in boek dat ik sels skriuwe wold hie. Gelokkich koe ik it fertale. Ik bin o sa*

€ 16,99 Bestel



Heit, fertel!

- *Diewwke van der Meer*

In boekje fol fragen foar heit, mei ek romte foar foto's. In moai oantinken foar de bern!


Watfoar boartersguod hie heit? Wa wie heit syn earste freondinne en wat makket heit gelokkich?

Moai kadootsje foar Heitedei!

€ 3,75 Bestel

wiis mei dizze bear. En úteinlik ek mei Wisse."


€ 17,50 Bestel



Iepenbiering

- *Pieter Anko*

It libben kin hurd oars. Dizze spannende thriller set útein as in teolooch, dy't krekt beneamd is ta heechlearaar oan de Frije Universiteit yn Amsterdam, de Friezinne Jantje moetet. Dêrnei feroaret de man, dy't promovearre is op it bibelboek Iepenbiering, yn heech tempo fan in studeartafel-



Simmerboek

- *Ferskate skriuwers*

Foar yn de simmerfakânsje, thús of ûnderweis! In boek fol mei ferhaaltsjes, gedichtsjes, ferskes, spultsjes en knutselwurkjes, spesjaal foar bern fan 2 o/m 6 jier.

Bettine: “By ús giet it Simmerboek seker mei op reis yn de simmerfakânsje. Ideaal, want in soad rûmte nimt it net yn en efter yn it boek binne ek noch leuke autospultsjes en in autobingo te finen. Foar wa’t de iPad ek meinimt op fakânsje: kinst ek altyd noch fierder boartsje mei de leuke apps en ferskes dy’t oanjûn wurde mei in QR-koade yn it boek.”

gelearde yn in tûke speurder nei it grutste geheim fan 'e wrâld: wannear sil de Lêste Dei oanbrekke?

*Thrillers binne tige populêr foar op fakânsje en Heitedei! Dêrom steane o/m 17 juny spannende boeken yn de 'spotlight' mei de **ThrillerWeken** fan de CPNB.*

€ 22,50 Bestel



Boekepakket 'milieu'

Bestel no dit foardielige boekepakket mei as aktueel tema: milieu. Yn it pakket sitte: *Dit wie de plestik tiid*,

€ 9,99 Bestel

*Achlum Nobusco en de
monsternimmers* en *Wat in rommel!*

Fan € 51,93 no foar mar €
42,50. Der is ek in byhearrende
lesbrief te krijen by dizze boeken.

€ 42,50 Bestel

Ferskaat



Jawis! De slagge-flagge!

Ha jim in ein-eksamenkandidaat yn
'e hûs? Tongersdei 12 juny is foar in
soad ein-eksamenlearlingen de dei
fan 'e wierheid. As dyn bern dan
(hooplik) it ferlossende telefoantsje
krijet, is it fansels tiid foar in feestje!
Lit de hiele buert sjen dat der by jim
ien slagge is en bestel hjoed noch
dizze slagge-flagge!



Simke Kloostermanpriis foar Mirjam van Houten

len kear yn de trije jier wurdt de Simke Kloostermanpriis takend oan it bêste boek út de Fryske berne-literatuer. Freed 23 maaie barde dat foar de 15e kear. De priis gie nei 'Jelle en Juf', skreaun en yllustrearre troch Mirjam van Houten.

Sjueryfoarsitter Arjan Hut spruts fol lof oer it boek.



Nea te âld om te learen!

Jan (97) en Joke (84) hawwe harren sertifikaat krigen nei it slagjen foar de kursus '*Frysk ferstean basis*' yn Nijemardum. It sertifikaat waard persoanlik delbrocht troch lesjouwer Antsje de Jong-Vogel oan Joke en Jan yn 'Bos en Meerzicht', dêr't sy wenje. *Ek in kursus Frysk dwaan?*

Folgje de Afûk op:



AVG is de Europeeske wet foar gegevensbeskerming. Dy wet, dy 't op 25 maaie 2018 fan krêft wurden is, skriuwt foar hoe't bedriuwen mei de (persoans)gegevens en privacy fan klanten hearre om te gean. Wy fine jo privacy tige wichtich en dêrom wolle wy jo hjir graach ynformearje oer ús privacy-belied. Wy hoopje

dat wy jo op 'e hichte hâlde meie fan nije boeken, projektnijs, (win)aksjes en (ûnferjitlike) eveneminten.
Binne jo it net iens mei ús belied, dan kinne jo jo útskriuwe.

[myn nijsbriefgegevens oanpasse](#) of [útskriuwe](#).